

behearske, yn de lêste fyftich jier folslein ferdwûn is. It hinkeljen op twa gedachten ('it falt wol wat ta' foar 'der moat no wol wat oan dien wurde' oer) komt faaks fuort út it posityf tinke wollen. Better ynsjoch yn de problematyk, en dus nij ûndersyk, is nedich. De kop yn it sân stekke, helpt net.

- Yn de praktyk fan al den dei is op guon mêden faaks fierhinne wol sprake fan *lykberjochting*, mar de *lykwaardigens* yn it brûken fan it Frysk is noch fier te sykjen. De Ried pleitet no foar *positive* diskriminaasje (in foarkarbehanneling fan it Frysk). It moat net langer om *tastean* gean.
- It provinsjaal bestjoer moat *mear foech* krije foar it regeljen fan saken dy't it Frysk oanbelangje, ek op it mêd fan de taalkwaliteit (sjoch de opmerking oer in *sintrum foar Fryske taal en kultuer* yn de reaksje op *Boppeslach*, ek yn dit nûmer).
- Tweintich gemeenten hawwe in taaloardering, mar wurde amtners en boargers no ek oansetten om mear Frysk te brûken? De Ried pleitet derfoar dat by it beskikber stellen fan middels de klam yn de noata op *konkrete produkten* komt te lizzen, mear as op it *proses*.
- Ds soene tefreden wêze as yn 2010 de helte fan de âlden yn in mingdtalige húshâlding in bewuste kar makket en as de helte fan de soarchynstellings yn har taalbelied mei de twatalige situaasje rekken hâldt. Dat hearre, neffens de Ried en de FFU, dochs alle âlden en ynstellings tsjin dy tiid te dwaan?

- Taalkoördinatoaren, dêr't ds yn 2010 in dekkend netwurk fan hawwe wol, skine har mear te rjochtsjen op *efterstammen* as op in yntegrale oanpak fan taal. It Frysk wurdt (te) faak fergetten. Yn har oplieding moat rom omtinken foar meartalichheid wêze.
- De Ried en de FFU wize der yn in *bylage* op dat de iennichste *ferplichting* dy't der yn de *Interimwet op het Speciaal Onderwijs en het Voortgezet Speciaal Onderwijs* earder foar it Frysk stie, wie dat 'aandacht wordt besteed aan de Friese taal en cultuur'. Dy klausule waard samar weilitten yn de lettere, nije *Wet op de Expertise Centra*. Fan de twa soarten ferplichtings (1. 'in aan-

raking brengen met de Friese taal en cultuur'; 2. 'het Fries wordt mede als voertaal gebruikt') dy't de troch it Ryk ynstelde 'Commissie Fries in het Buitengewoon Onderwijs' yn 1981 útstelde, bleau sa neat mear oer. Beide organisaasjes achtsje dat fier ûnder de mjitte en folslein yn striid mei kêst 8 fan it *Europeesk Hânfest foar Minderheidstalen*, dat oer de ferplichting fan it Frysk as fak en fiertaal giet. Beide organisaasjes steane derop oan om noch foar 2010 op syn minst mei reparaausjewetjouwing te kommen. Dat jout ek wer in wetlike basis om foar it Frysk yn it spesjaal (fuortset) ûnderwiis mei *ferplichte keardoelen* te kommen.

## De FFU, 1987-2007, earder en hjoed

Sytze T. Hiemstra

Op it webstee fan de *Feriening Frysk Underwiis* ([www.fryskebeweging.nl](http://www.fryskebeweging.nl) → oanklikke *Feriening Frysk Underwiis*) strike de bestjoersleden soms mei de sjerpkwaste yn har rubryk *Sjerp & Jittik*. In oare kear – as der harren wat net nei it sin giet – skeppe se lykwols út it jittikfet. Hjrûnder sa'n kollum fan Sytze Hiemstra.

Wêrom is der eins in *Feriening Frysk Underwiis*? Dy moast dochs hielendal net nedich wêze? Wêrom haw ik dy mei oaren oprjochte yn 1987? It antwurd leit yn de tachtiger jierren. It Frysk wie doe wetlik al ferplichte. Earst op de legere, letter op de basisskoallen yn Fryslân. Mar bakten se der ek wat fan op dy skoallen? No nee, op in stikman-nich útsûnderings nei fansels. En as heit fan trije bern hie ik ek sa myn persoanlike ûnderfinings mei de basis-

skoalle fan ús bern, 'De Singels' yn Drachten.

Thús hiene ús bern fan heit en mem al aardich wat Frysk leard. Sels it skriuwen fan sinteklaasgedichtsjes yn it Frysk wie wizânsje wurden. Mar tink mar net dat dêr op skoalle wat mei dien waard. It wie begrutlik, mar de stakkerts fan ûnderwizers fan ús skoalle misten ein tachtiger jierren it yntellekt of de wil om it begryp 'ononderbroken ontwikkelingsproces' sa't dat yn de *Wet op it Basisûnderwiis* stie, ek op de thústaal fan ús bern ta te passen. Mear as ien kear brocht ik soks op it rabat. En mar drave, fan de bok op de ezel. En fan de ezel op de bok. Petearen mei de direktur, Wiebe Wynalda, mei guon klasselearkrêften, mei de âlderried en mei ynspjekteur Jaap Kuindersma. Alles yn 'e hope dat learkrêften ek echt learber wêze soene. Op it stik fan it Frysk dan fansels.

Ik liet harren de 'Taalwirre' sjen. In systematyske taalmetoade foar stave-ring en idioom. Soene se dat asjebleafte foar ús bern ek brûke wolle yn de healoare (!) Fryske les dy't alle wiken

'echt' jûn wurde moast. En sadwaande op it roaster stie. Frysk praten en lêzen hie 'k ús bern sels ommers al leard.

Ik moast der wat muoite foar dwaan, mar ja, earlik is earlik, fan ynspeksjekant krige ik stipe foar de 'Taalwirre'. Mar, sa tocht de skoalle, it moast wol in 'eksperimint' bliuwe. Earst mar ris sjen oft dat wol koe. Oan de ein fan it learjier soe it dan 'hifke' wurde. En oft ik yn de tuskentiid mar net wer lestich wêze woe. Dat soe de boel mar yn 'ûnstjoer' bringe. De learkrêften moasten earst mar ris oan 'it wurk'.

Dat 'net wer lestich falle' hat my wol wat muoite koste. Fuort nei ús lêste petear (03-02-1987) koe ik mar net de yndruk krije dat der wat ferbettere. En dan moatte jo fansels in 'dossier' oanlizze. Oars stiet men letter mei lege hannen. In skoftke, fan de peaskefakânsje oant de simmerfakânsje yn 1987, haw ik ús beide famkes frege wat der fan de Fryske lessen terjochte kaam yn groep 4/5 en yn groep 6/7. En dat trou notulearre. Fan dy oantekens koe ik net fleurich wurde. It kaam stiifol te stean mei it wurdje 'ferfal-

len'. No ja, ien útsûndering. Op in kear is der troch ien fan ús famkes wurke mei in staveringskaart.

Om koart te kriemen: yn de iene klasse waard der yn in *folslein fearnsjier* amper twa oeren 'wat' oan it Frysk dien en yn de oare klasse amper ien oere! Yn de 'ferfallen tiid' hiene de learlingen en harren masters fansels in protte oare wichtige 'learaktiviteiten' by 'en ein. Of hiene de bern frij omdat it personiel nei gearkomsten moast. Fansels altiten gearkomsten om it ûnderwiis better te meitsjen. Ferlerne tiid?

In lytse opsomming fan al dy oare nuttige saken dy't yn de healoare foar Frysk op it aljemint kamen: 'prachtige' Hollânsktalige projekten, 'bûnte' Hollânsktalige middeis, oefenjen foar in Hollânsktalige musical, nifeljen, borduerwurk, plak- en knipaktiviteiten, ferkear, in skoalreiske, rekkenjen, master syn jierdei moast fierd wurde, de kaarten foar it dokumintaasjesintrum moasten útsocht wurde, der wie in sportdei. No sa!

Ik haw ûnder it *evaluaasjepetear* (06-10-1987) de skoalle dêr fansels mei kon-

frontearre. En de ynspeksje op de hichte brocht. Wie in skoalle der ommers net foar om goed ûnderwiis te jaan en de ynspeksje net om dat te kontrolearjen? En hearde it Frysk dêr ek net by? Foar de wissichheid hie ik myn fragen en problemen op skrift steld oan de hân fan in resint ynspeksjerapport<sup>1</sup>. Yn 'e hope dat soks yndruk makke. Ik haw in fraach steld oer it brûken fan it Frysk troch de masters yn de klasse, leafst 'geef Frysk'. En in fraach oer de taalkwaliteit fan it 'kollektyf' optochte dielskoalwurkplan Frysk. Want dêr wie oan ôf te lêzen dat de masters en juffers sels better op Fryske les gean koene. Dat liek my better ta as dat reizgjen nei gearkomsten oer de ferbetterings fan it ûnderwiis ûnder de Fryske les. In resinte learplanpublikaasje kaam op it aljemint<sup>2</sup>, de trochgeande line foar Frysk, it lytse, suver te ferwaarleazgjen tal Frysktalige boeken yn de skoalbibliteek en de oerfloed oan Hollânsktalich lêsmateriaal. En de winsklikens om foar ús bern te differinsjearjen yn lêzen en skriuwen.

Ik liet trochskine dat ik nei myn evalu-aasje no wol tige benijd wie nei wat se aanst dwaan soene yn de tiid oant de krystfakânsje. En ek dêrnei, fierderop yn de tiid, oan de simmerfakânsje ta. Soe it net nuttich wêze om wat konkrete doelen op te skriuwen dy't yn dy perioade berikt wurde moasten? En hokfoar materialen oft derby brûkt wurde soene? En hoe't der toetst wurde soe om te sjen oft dy doelen ek werklik berikt wiene? Soe it net goed wêze om nei te gean wannear't der klassikaal wurke wurde koe en wannear't der differinsjearre wurde moast?

En wie it ek mooglik dat it âlde skoal-wurkplan Frysk, dat al jierrenlang op in planke yn de kast lei, oanpast waard oan de easken fan de wet op it basis-ûnderwiis? Of wiene dat rare, ûnfatsoenlike ûnderwiiskundige fragen. En koe ik asjebleaf ek in antwurd krije? Soe dat mooglik wêze?

No nee! Dat wie net it gefal. Myn fan-ûnderen-op-aksje hat neat opsmitten. De antwurden binne net kommen, it ûnderwiis yn it Frysk is net ferbettere en de skriftlike taalbehearsking fan de learkrêften is net tanommen. En de ynspeksje? 'Die stond erbij en keek

ernaar', of faaks wol de oare kant op en koe blykber net oars. Sa lei it lân derhinne. Yn 1987. By de skoalle en de ynspeksje wie ik oan it ferkearde adres. Tiid dus foar mear en effektivere fanboppen-ôf-maatregels.

Wie der in bettere reden foar my om ús feriening mei op te rjochtsjen? En om yn dit earste, wat soere stikje út it jittikfet te skeppen? It muoit my tige, it koe net oars. Mei jo help moat der aanst mear sjerpslikke en sjerpstrutsen wurde. Lid wurde is dus wol it minste dat jo dwaan kinne ... <sup>3</sup>

**Sytze Hiemstra** is skriuwer fan de FFU

1. 'Het onderwijs in het Fries nader bekeken; een kwantitatief Inspectie-onderzoek naar het onderwijs in het Fries op de kleuter- en lagere scholen in Friesland, gehouden in april 1985'
2. 'Naar een schoolwerkplan Fries', fan Theun Meestringa (SLO, 1985)
3. Telefoannûmer (0512) 51 89 27 of (0512) 38 14 47; e-post: [ffupost@hotmail.com](mailto:ffupost@hotmail.com); gewoane post: FFU, Gerben Sondermanstrjitte 29, 9203 PT DRACHTEN

## Oantekens oangeande de **riedsgearkomste** fan de

Renze Valk

Ried fan de **Fryske Beweging** op 5 septimber 2006

24

**Oanwêzich:** Klasje Straatsma-Westerhof, Tom Dijkstra, Jaap Rinzema, Kees Kuipers, Sjouke Kramer, Klaas Wassenaar, Tiemen Lont, Wiebe Lageveen, B.J. Postma, D. van der Schaaf, Jan Breimer, Geeske Krol, Bareld Nijboer, Renze Valk, Reinder Bil (foarsitter).

**Mei kundskip ôfwêzich:** Sybren Posthumus, Sytze Hiemstra, Foeke de Wolf, Wolter Jetten, Jaap van der Bij, Hâns Weijer.

### 1. Iepenjen

De foarsitter iepenet de gearkomste en leit út dat omt de foarsitter yn it bûtenlân is hy dizze gearkomste foarsitte sil.

### 2. Meidielings

Yn ferbân mei de lanlike ferkiezings hat it bestjoer it plan om mei in foarum fan lanlike politysy in diskusjefoarm te belizzen yn de Bres. Dat is ôfstimd mei Efrtje/De Bres. Sintraal sil stean it lan-